

Fryske oersetting fan 'Mama kwijt' skreaun troch Chris Haughton

O- oh!
Boink...boink...BOINK!

Giet it?
freget likhoarn.
'Ik bin mem kwyt,'
pypt Lytse Ule.

'Gjin panyk, freontsje.
Ik fyn dyn mem wol.
Hoe sjocht se derút?'

'Mem is HIEL GRUT. Saaaa GRUT!'
seit Lytse Ule.

'Ik wit it!
Ik wit it!
ropt likhoarn.
'Kom mar mei....

Fûn!
Hjir is dyn mem!'

'Nee,' pypt Lytse Ule,
'dat is mem net.
Mem hat PUNTIGE EAREN.
Sjoch: SA!'

'Ik wit it!
Ik wit it!
ropt likhoarn.
'Kom mar mei....

Fûn!
Hjir is dyn mem!'

'Nee,' pypt Lytse Ule,
'dat is mem net.
Mem hat GRUTTE EAGEN.
Sjoch: SA!'

'Ik wit it!
Ik wit it!
ropt likhoarn.
'Kom mar mei....

Fûn!
Hjir is dyn mem!'

'Nee,' pypt Lytse Ule,
'dat is mem ek net.
Mem is kwy't.'

'Jonges wacht ris eefkes,'
seit Kikkert.
'Ik wit wêr dyn mem is...

Rin mar mei.
Dyn mem is dy oeral oan it sykjen.

Is dat dyn mem?

Ja! Ja!
Dat is mem!
Dat is myn mem!'

'Tige tank,
Jonges!' seit mem Ule.
'Gean jim mei nei ús nêst? Ik haw koekjes.'

'Ja graach,' seit likhoarn.
'Wy fine koekjes it ALDERLEKKERSTE dat der is.'

O- oh!

Boeken en opsiferskes by Mama kwijt

Boeken:

Sjoch foar oare boeken oer itselde ûnderwerp op Tomke.nl by 'wurkje mei Tomke' -> boeken op tema -> leafde.

Opsiferskes:

- 'Lytse fûgeltsjes' ut Tûzenpoatsjes fan Geartsje Douma
- de Mem, de Ule en kwy't út Myn earste Fryske Van Dale

Op www.leesplein.nl wurde ferwurkingssuggestjes jûn by it boek Mama kwijt.